



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaen en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. Omdat Daniël kamiële-keapman is, reizget er troch Palestina. Soms keapet er op it iene plak kamielen en ferkeapet er se op in oar plak wer. Underweis heart er fan oare keaplû it nijste nijs.

36. It libben fan de earste gemeente **Hannelingen 2,41-3,10**

“Heit..., mem, ús Daniël komt thús”, rôp Simon. Hy wiisde nei in grutte stofwolk yn ‘e fierte.

Sara kaam ek oanrinnen. “Kom, dan sette we alfêst wetter klear foar de kamielen”, rôp se bliid. Tegearre rûnen se nei de wetterput.

Ynienen wie it allegear drokte. Elkenien wie bliid as Daniël thúskaam. Hy hie altyd nijs te fertellen. As keapman moete er in soad minsken.

Daniël lake doe’t er seach dat Sara en Simon al wetter klearset hiene. Hy joech se beide de high-five.

Doe’t de kamielen genôch dronken hiene, gie Daniël by heit en mem ûnder de beam sitten. It wie waarm. Sara en Simon kamen der ek by.

“Is der noch nijs, Daniël?” frege heit.

Daniël liet him efteroer yn it gers rôlje en rôp: “Nijs? Jawis, ús hiele wrâld hat nijs! Harkje, dan sil ik jim fertelle wat ik de lêste tiid meimakke haw.”

Oeral dêr’t ik kaam, stiene groepkes minksen mei-inoar te praten. Wannear’t der learlingen fan Jezus bystiene, kamen der noch mear minsken omhinne.

“Wolle jim Jezus ek folgje?” fregen de learlingen.

De minsken knikten. Se hiene al in soad goeds oer Jezus heard.

“Wat moatte wy dan dwaan?” frege in man.

Ien fan de learlingen sei: “As jim Jezus folgje, sille jim hieltyd mear oer it nije libben te witten komme.”

Der wiene in soad minsken dy't mar wat graach in nij libben begjinne woene. Sa waard de groep fan Jezus hieltyd grutter.

Maria, de mem fan Jezus, hie it drok. Der kamen jûns geregeldwei minsken by har te iten. Guon bleauwen ek noch te sliepen. Nei it iten fertelden se inoar fan Jezus. Net allinne fan de siken dy't Er better makke hie, mar ek ferhalen dy't Er soms fertelde. De learlingen fan Jezus kamen ek by Maria. De ferhalen dy't Jezus altyd oer syn Heit yn 'e himel fertelde, sieten harren noch farsk yn it ûnthâld.

Jûns ieten se mei-inoar, sa't Jezus dat eartiids ek mei harren dien hie. Earst waard der bidden. Dêrnei waard it iten omparte, sadat der foar elk genôch wie. Se seine tsjin inoar: "Wy binne de gemeente fan Christus."

Dy gemeente waard sa grut dat it hûs fan Maria te lyts wie om dêr noch byinoar te kommen. Gelokkich mar dat der froulju wiene dy't tsjin Maria seine: "Wy hawwe noch wol romte oer."

Sa kamen der hieltyd mear gemeenten dêr't minsken inoar moeten, dêr't se it iten ferparten en de ferhalen oer Jezus hearden.

Op in middei – it wie trije oere – rûnen Petrus en Johannes nei de timpel ta. By de yngong fan it timpelplein lei in man. It wie in bidler, immen dy't minsken om jild frege.

Alle dagen waard er dêrhinne droegen. Al fan syn berte ôf koe er net rinne.

Doe't de bidler Petrus en Johannes oankommen seach, begûn er te roppen: "Jou my wat jild, asjebleaft!"

Petrus rûn nei de man ta en frege: "Sjoch ús ris oan?"

De man sloech de eagen op... en tocht: fan dy beide manlju krij ik fêst wol wat jild. Mar Petrus skodholle en sei: "Jild haw ik net, mar *wól* wat oars. En dat kin ik allinne mar jaan út namme fan Jezus." Petrus pakte de man by de hân en holp him om oerein te kommen.

De man fielde dat er krêft yn 'e fuotten krige. Soks hie er noch net eader meimakke. De measte minsken woene net iens mei him prate. Hy wie ommers mar in suterige bidler.

De man sprong oerein! Syn fuotten wiene sterk! Fan blidens begûn er te sjongen: "Dit is de dei dy't God makke hat, dit is de dei dat ik wer rinne mei!"

De minsken dy't it seagen, giene der omhinne stean. Se flústeren: "Is dat net dy man dy't altyd by de yngong fan de timpel siet? Hy hat nea rinne kinnen."

Petrus draaide him om en sei: "Sa is it mar krekt. Hy hat nea rinne kinnen, mar *nó* wol!"

De minsken seagen allegear nei Petrus en Johannes. It waard ynienen stil...

Petrus skodholle en sei: "No moatte jim net tinke dat wý dizze man better makke ha. De krêft dy't er krige hat, komt fan God!"

De minsken seagen inoar ferheard oan. Wat hjir barde, koene se net goed begripe.

In man dy't wat efterôf stie, mar wol alles seach, sei: "Wat dy mânlju sizze, is nij!"

Johannes knikte en sei: "Leau mar dat der noch folle mear barre sil!"